

Mist it Stedsk de Boat?

De Ljouwerter stedskeunstner Marten Winters is in boat fan papier maché oan it bouwen op it twadde plein fan de Blokhûspoart. De lading sil bestean út ferhalen fan LjouwerTERS. It is de bedoeling dat alle ferhalen mei-inoar in portret foarmje sille fan de stêd en syn bewenners.

It aardige is no dat der sa'n santich jier ferlyn ek al ris in kolleksje fan Ljouwerter ferhalen oanlein is. De Fryske skriuwer Reinder Brolsma skreau nammentlik net allinnich yn it Frysk. Wy kinne him dan wol as de skriuwer fan floatige boereromans lykas "It Heechhûf", mar hy hat ek stikjes yn it Liwwadders skreaun.

Brolsma syn stikjes ha as titel "Gesprekken op de Brug". Hûnderten hat er skreaun, tusken 1926 en 1941 foar *Het Leeuwarder Nieuwsblad*, en letter foar de *Friesche Courant*. Alles mei-inoar binne it in foech heal miljoen wurden: it soe in boek fan hast 2000 siden opsmite, at se allegear ôfprinte waarden.

Yn dy stikjes binne Liwwadders oan it wurd dy't fertelle oer wat se belibbe ha, har noed kleie oer de soargen fan al den dei of de aktualiteit beprate - mar altyd mei humor. Yn ien fan dy stikjes praat in ploechje manlju oer 'skiednis':

"Fertel jou my dan es wat geskiedenis is."

"Nou, dat se de Oldehoof bouwd hé, bijgelyks, met de jaartallen der bij."

Ien fan de manlju seit dat net allinnich it bouwen fan dingen skiednis is. It ferdwinen fan dingen lykas it Oranjekleaster is ek skiednis, en it ôfbrekken fan dingen; en in oar reagearret dêr alsa op:

"Dus as ik it goed begryp," zei Rikus, "bouwe en breke, dát is geskiedenis."

Alsnu sprak de voegsnijder Lindert:

"Mar dan hew ik ommers myn heele leven in 'e geskiedenis seten. Want as jonge fan feertien jaar al, doe ston ik met koevoet en breekizer te rameiën op 'e muren fan it ofbrande meelfabryk op it Fliet hiere. – En evenstewel salle de nakommelingskappen, dy salle der nikster fan leze in 'e boekjes."

En dan komt Rikus mei de moraal oangeande de skiednisskriuwerij:

"Je leze nooit es wat over ons soarte, altyd binne it hearen as boeren as skoaiers as gekke wiven as flauwe tutten."

It aardige is dat Marten Winters skiednis skriuwe wol mei de ferhalen fan gewoane minsken, krekt sa't Brolsma dat die. Eins soene de Liwwadder *Gesprekken op de Brug* fan Reinder Brolsma de boat fan Marten Winters net misse meie. Dêrom woe ik freegje: as immen dy stikjes fan Brolsma no ris ynsceande yn de kompjûter en der in moaie print

fan makke. Soene dy ferhalen dan net in plakje op Marten syn skip krije kinne? Miskien wol op de brêge fan it skip.

Byneed soe Winters de stikken fan Brolsma as ballêst brûke kinne. Want sûnder ballêst hat in skip gjin djipgong en sûnder djipgong slacht it út 'e koers. Dêrom moat der ek in stikje fan it Ljouwerter ferline mei op it skip fan de stêdskeunstner.

(Sjoch Martens webstek: <http://www.hetschipdelading.nl/>)